

In beam moat earst  
grut wêze foar't  
er skaad jaan kin

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

## Gastâlders

'De skuorre wie in prachtige romte foar de bern. Hja krigen allegearre in overaltsje oan'

pagina 3>



## Mienskipshûs

It doel is om aktiviteiten yn it gebou te organisearjen, dy't de leefberens befoarderje

pagina 5>



## Hynders

Wer prachtige maraton troch de greiden by Britswert en Wiuwert mei 8 hindernissen

pagina 15>

## Trump syn muorre stiet al yn Wjelsryp



Yn Amearika wol Donald Trump in grutte hege muorre om foar te kommen dat ynwenners fan Mexico noch langer de grins oerstekke. De muorre stiet der noch net, der is in protte ferset. Yn Wjelsryp wisten se it al klear te krijen. Dêr boude de buertferiening de Westerein in hege muorre, wêrmei se tidens de doarpsfeesten in twadde priis wûnen. Elke strjitte fertsjintwurdigde in lân. De Westerein hie Mexico lotte. De earste priis gong nei de Terpwei, dy't him ynspirearre litten hie troch Sina. De strjitten mochten tidens de bûnte jûn yn it doarpshûs ek in toanielstikje/skets op 'e planken bringe. Dy kriich waard wûn troch Mexico (Westerein). Foto: Hinne Bokma.

## Drie tunnels maken weg N359 straks veilig

Wommels – De onoverzichtelijke kruispunten Wommels-Noord, Burgwerd en Bolsward-Noord worden de komende jaren veiliger. Het worden ongelijkvloerse kruispunten. De provincie stelt extra geld beschikbaar voor de aanleg van drie tunnels.

Na het opknappen van de kruispunten bij Wommels-Zuid, Winsum, Hûns/Leons en Hilaard volgen de komende jaren de kruispunten bij Wommels, Burgwerd en Bolsward. Eerder stelde de provincie Fryslân, op basis van een eerste raming, al 12 miljoen euro beschikbaar voor de aanpak van de kruispunten. Om tunnels in de weg aan te kunnen leggen, wil de provincie nu 6 miljoen euro extra

investeren.

Op de N359 mag het verkeer 100 kilometer per uur rijden. De weg op- of afrijden, kan soms zorgen voor onveilige situaties. Een paar jaar geleden omschreven ANWB-leden de N359 als de gevaarlijkste weg van Fryslân. Inwoners uit de dorpen steken soms met angst en beven de kruispunten over.

„We hebben eerst gezocht naar andere oplossingen, zoals de aanleg van een rotonde of een viaduct”, licht gedeputeerde Sietske Poepjes toe. „Maar een tunnel op deze plekken is echt veiliger en vinden we dan ook echt noodzakelijk.”

Om de kosten voor de aanleg voor de tunnels zo laag mogelijk te houden, besteedt de provincie het werk op innovatieve wijze aan. Dit

houdt in dat marktpartijen uitgedaagd worden om met creatieve en innovatieve oplossingen te komen. Hoe de tunnels eruit komen te zien, is daarom op dit moment nog niet duidelijk.

Provinciale Staten hebben het laatste woord over het beschikbaar stellen van het extra geld. Nog dit jaar spreken ze zich hierover uit. De voorbereidingen, zoals het maken van de contracten, gaan ondertussen gewoon door. Zo wil de provincie na de zomer alvast in overleg gaan met de grondeigenaren die rondom de kruispunten wonen. Als dit volgens planning verloopt, kunnen eind 2019 de eerste werkzaamheden los. Het streven is om in 2021 alle drie de tunnels klaar te hebben.

## Binde fan 'e swarte hân krijt help fan de brânwacht

Easterwierrum - De Binde fan 'e swarte hân, dy't ynwenners fan Littenseradiel de ôfrûne moannen kennen leard hawwe troch harren geheime teken - in swarte hânôfdruk op ruten, auto's en wêr net op - hat in ferrassende oare kant sjen litten.

Troch Ria Kraa

Ofrûne sneon hienen se besluten ta in hiele oare aksje. Net stikem yn it tsjuster mei swarte inkt troch de buorren, mar yn alle iepenens midden op 'e dei in skjinmakaksje. Dat dêr stienen Pietje Bell, Pipi, Sytske en Hylkje, Oliver Twist, Eeltsje Halbertsma en al dy oaren fanatyk te poetsen op ien fan de auto's dy't se earder ris lekker ûnder de swarte hannen setten hienen. Dy auto wie sa moai wyt, sjoch. Bliuw der as binde dan mar ris ôf.

Mar no soenen se de eigner ris bliid meitsje en de auto spic en span skjinmeitsje. Allinnich, it woe net sa bot. Dy swarte troep koenen se der mei harren doekjes net ôfkrije. En doe wie der yniens de brânwacht út Mantgum. De mannen hienen blykber heard fan it plan fan de binde en dat fûnen se sa

aardich dat sy der wol in frachtsje skom tsjinoan smite woenen. Brânwachtman nûmer ien rôle de slang út, nûmer twa kaam mei in grutte flesse sjipsop oansetten en nûmer trije makke in kombinaasje fan slang en skom en hop dêr gie it los. „Bern dy't sokke goeie aksjes op tou sette en harren ferantwurdlikens nimme om de buorren wat better skjin te krijen, dy moatte jo altyd helpe. Dat wurde goede boargers letter. It binne no noch bern dy't wolris in streek úthelje, mar sjoch hjoed ris. Dy hawwe it hert op it goeie plak. Miskyn sit der wol in takomstige brânwachtman as - frou by!”

No wie it fansels in lyts putsje om dy auto skjin te krijen. Dat doe gongen de bern ek noch efkes los op inoar. It bliuwt wol in binde mei kweajonges en kweafamkes fansels...

It Iepenloftspul Pietje Bell en de binde fan 'e swarte hân giet op tongersdeitejûn 22 juny yn premjêre. Fierders wurdt it stik opfierd op sneon 24 juny (20.30 oere), snein 25 juny (15.30 oere), woansdei 28 juny (15.30 oere), freed 30 juny (20.30 oere) en snein 2 july (20.30 oere).



De Binde fan 'e swarte hân liet him fan de oare kant sjen. Se gongen fanatyk oan it autopoetsen.

Timmer- & Aannemersbedrijf  
**van Ruiten**  
OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Tel: 0515 - 413372

**ALLICHT**

- Verlichting • Lichtadvies
- Onderdelen • Elektronica

www.allichtverlichting.nl  
www.allichtelektro.nl

Oud kerkhof 6 - 8601 EE - Sneek

Al 20 jaar uw  
haar onze zorg

't Kappershûs

www.kappershuis.nl

za 17 JUNI



**NICSZ**

FEESTTENT WOMMELS

22.00 uur / GRATIS ENTREE